[0230] TA IT FORSTEAN FAN DE ALDFRYSKE OARKONDEN

13. *Glins* of *sluus?*

It saneamde “Register van politie-overtredingen te Leeuwarden" út de jierren 1502, 1503, 1504, dat opnommen is as nû. 32 yn it tredde diel fan Sipma syn Oudfriesche Oorkonden, is yn wierheit in âld recesboekje, dat forlike wurde kin mei it âldste part fan de Snitser Recesboeken. Dêr stiet de hiele administraesje yn fan de stedsrjochtbank fan Ljouwert, dus net allinne oanbrochte misdieden, mar ek sivile rjochtsaken; yn dy beide soarten gefallen wurde neamd dyselden, dy't oanklage of oansprutsen wurde en ek dy't oanbringe of oansprekke. En yn guon gefallen wurde ek de fûnnissen der by oantekene mei it boetebidrach, dêr't ien ta foroardiele is, by Sipma ornaris yn de noaten werjown, b.g. 1/2 *f.*, *4 st., ferdlos, schil sinte Vyt tienie mit decken* ensfh. bitsjut, dat de yn dy posten foaropneamde persoanen foroardiele binne ta in heal floreen, 4 stûren, ta „fredeleazens" en om de boete yn wurkkrêft to foldwaen mei foar sint Vitus (de tsjerke fan Aldehou) it dak to bilizzen ensfh.. Der steane ek oantekeningen oer eigendomsprosedures yn (oerdracht fan ûnreplik goed en hwat dêrút fuortkaem) en pânjowingen. Mar alles is sa koart fan bistek, dat allinne út in yngeande stúdzje bliken dwaen kin, hwat it allegearre krekt bitsjut en dan bliuwt der noch wol gâns to rieden oer. Wy tankje oan Sipma in foarriedige útjefte fan dat recesboekje en hoopje dat Ljouwerter dokumint fan rjochterlike administraesje lykas de Snitser Recesboeken, oanklaeid mei ynlieding, oantekeningen en registers, op 'e nij yn it ljocht te jaen.

It seit himsels, dat by yngeande bistudearring fan O III 32 wol gauris hwat oan it ljocht komt, dat hwat oars forstien wurde moat as Sipma dien hat. In pear foarbylden dêrfan ha wy al jown mei *Reynsch doeker* = *Reynsck Doekis* en *Grate former* en *grate Fonger* = *grate Former* yn US WURK jg. 10, siden 9 oant 12.

In oar gefal is hiel simpel. Sipma lies yn O III 32.4:
„Buwa to Berdauwert om br. f. wter bicomringhe Ogha claegh ter Glins". Sipma printet nammen mei haedletters en sa stiet der *Glins* printe en net *glins.* It wurd is yndied in plakoantsjutting en it wensté fan *Ogha.* Mar krije wy it hânskrift der by, dan stiet der net *glins* mar *sluus*; de bigjinnende lange *s* is oansjoen foar in *g,* wylst nei de *l* net 3 mar 4 poaten steane. It is dus *Ogha ter sluus*, Oege by de slûs, “Oege van der Sluis" sa to sizzen, dy't in foardering hawn hat op *Buwa to Berdauvert* (Bouwe fan Burdaerd), dy't *wter bicomringhe* tein is (him oan bislachlizzen ûntwynd hat) en dêrmei om *br. f* = *britzen fellingen* biskreaun is, d.w.s. dêrmei in boete forspile hat. It sil in sivile foardering ta ynset hawn ha en om't *Buwa* as immen fan bûten de stêd biskreaun is *(wtheemde handen biscrioun in der steds tiola),* moat *Ogha ter sluus* hast wol yn de stêd wenne ha: èn yn Snits èn yn dit Ljouwerter recesboekje is it hast altiten sa, dat by sivile saken òf beide partijen út de stêd sels komme òf allinne de oansprekker. De post dy't folget ljochtet oer it skeel tusken Buwa en Oga noch hwat neijer yn:

,,bet om br(itzen) f(ellingen) by en scuta torff datter onder Timen Frericks

zoen fellinga ghinsen waes Ogen to bitallien" mei yn de marge "*disse fellinge ter steds bihoeff* ".

Dat wol dus slzze, dat *Buwa to Berdauwert* foar *Timen Frericks* (ien fan de skepens) ek oannommen hie om *Oga ter Sluus* (yn de datyf is it hjir *Ogen*) to biteljen op straffe fan in skûte turf, dy't er nou forspile hat en dy't de stêd nou to'n goede komt.

It Register fan Oanbring fan 1511 (dus ± 8 jier letter) hat yn in 15 plakken yn Fryslân en bûten Ljouwert in *Oga* en yn 'e stêd allinne in *Oege Peters* yn it *Aldehouster Espel,* dy't dêr in ienkeamerwent yn eigendom biwennet (Oanbring I 21.22). Yn datselde Espel wennen noch in Claes Oges (nest Oege Peters foar 't neist) en in Wijtz Oegez (Oanbring I 21.2 en I 23.9). Mar wy witte to min fan de sitewaesje ôf om útmeitsje to kinnen oft ús *Oga ter Sluus* wenne by in slûs yn it Aldehouster Espel en oft dy mei *Oege Peters* lykslein wurde mei [1]).

Yn de Oarkonden komt it wurd *slûs*, bûten it gefal fan de boppesteande emendaesje, n e t foar: it is meast noch *syl* foar soks mei inkeld in *forlaet* der by [2]). Dêr soe men út opmeitsje kinne, dat dy slûs fan Oga in nij kunstwurk west hat: mei hwat nijs komt ek in nij lienwurd yn 'e moade. *Slûs* soe dan *syl* forfongen ha, sa't *feart* yn it plak kommen is foar *far* en sa't hjoed de dei alle nije farwetters mei *kanael* bititele wurde. Slacht men de wurdboeken nei op de bigripen *syl*, *slûs* en *forlaet,* dan docht bliken, dat *syl* oarspronklik de bitsjutting hawn ha moat fan "wetterrin, útwjittering", mar dat it letter almeast in ôfwjitteringsslûs en/of skutslûs wie, net oars as it bigryp *slûs* (in ûntliening oan midlatyn *exclusa, sclusa* en âldfrânsk *escluse*) yn súdliker kontreijen. Beekman [3]) slacht *slûs* en *syl* dan ek alhiel lyk, as er by *sluis* seit: „hetzelfde als zijl, vooral in de noordelijke gewesten in zwang". *Forlaet* (by mnl. *verlaten:* oerjitte, oerdwaen) wie binammen in ynrjochting foar it skutten.

Hwer't dy slûs fan Oga ek lein ha mei, it bislút fan dit stikje kin wêze dat *Ogha claegh ter Glins* yn O III 32.4 wurde moat *Ogha claegh ter Sluus* en dat wy foar it jongere âldfrysk foar *slus* allinne op boppesteande emendaesje to seil gean kinne.

1) Der is in hiel lyts kânske, dat de slûs fan Oga it *forlaet* to Ljouwert by de Frouwepoarte en tsjin it Aldehouster Espel oan west hat, as men oannimt dat it der al wie, ear't de feart nei Frjentsjer (yn 1507) groeven waerd, dus oars as Rienks en Walter yn Binnendiken en Slieperdiken yn Fryslân, side 179 yn neifolging fan oaren ha wolle. Hja sizze, dat it *fallaet* yn 1507 boud waerd en fornuverje har der oer, dat it yn it Register fan Oanbring net neamd wurdt. Mar dêr binne se mis mei; yn Oanbring I 6.38 lêze wy: ‚Wijbren Bowtsma zelff ii koegras, an dat *Voerdlaet* an Henthiama fenne". En Heenthiama fenne lei neffens Oanbring I 6.27 „buten olden hoestera porte", dat wer itselde wie as de Frouwepoarte.

2) sj. P. Sipma, Oudfriesche Oorkonden II, nû's 65 (1466), 78 (1474), 83 (1477) en 207 (1519).

3) A.A. Beekman, Het Dijk- en Waterschapsrecht in Nederland vóór 1795, 's-Gravenhage 1905-1907, side 1475.